

JIERFERSLACH

2022

→ De Fryske Akademy yn 2022



Ynhâld:

→ De Fryske Akademy yn 2022	2
→ Wittenskiplike ûntjouwings	3
→ Undersyk en output	4
→ Eksploitaasjerekken	6
→ Akademy-leden	6
→ Ried fan Tafersjoch	6
→ Website en sosjale media	6
→ Personeel	7

De Fryske Akademy yn 2022

Sûnt har oprjochting yn 1938 set de Fryske Akademy him yn foar it fûneminteel en tapast wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer. Nei hast 85 jier is dizze opdracht, dy 't de Fryske mienskip it ynstitút by de stichting meijoech, noch altyd liend.

Algemeine ûntwikkelings

It jier 2022 hat yn it teken stien fan it fierder trochfierjen fan ûntwikkelings folgjend út de beslútfoarming fan Provinsjale Steaten fan Fryslân yn 2019. It gie dêrby benammen om it oanpassen fan organisaasje-prosedueres nei de nije organisaasje-ynrjochting, it stellen fan nije strategyske doelen, it jaan fan in ympuls oan it ûndersyk, rjochting en gearwurking troch de neikommende stappen:

Yn 2002 is it nije Strategysk Beliedsplan 2022-2027 fêststeld. Dit foarmet no de basis fan de aktiviteiten en ûntwikkelings.

- De ûntwikkeling fan in organisaasjebrede ûndersyksagenda is ynset en goed op streek.
- De fakante MT-posysje Koördinator Undersyksfinansiering en Strategyske Gearwurking is ynfolle mei yngong fan 1 desimber.
- It 'Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer', ûnder regy fan Provinsje Fryslân, dêr't de Fryske Akademy mei oare organisaasjes yn partisipearret, hat it dokumint 'Contouren van een kennisagenda' opsmitten.

De blik is yn 2022 ferskood nei de langere-termyn ambysjes fan it ynstitút oan de hân fan it Strategysk Beliedsplan. De organisaasjedoelen foar de perioade 2022-2027 binne ferdield oer fjouwer oandachtsgebieten: profilearring, akwisytsje, organisaasje-ûntwikkeling en gearwurking.

De twa trajekten ûnder eksterne begelieding mei as doel de nije platte organisaasjestruktuer te helpen mei ymplementearjen en in omskeakeling nei nije wurkwizen te meitsjen, binne ôfrûne. It iene trajekt rjochte him op de prosessen by Algemeine Saken, it oare op de wittenskiplike prosessen oan de hân fan projekten. Dizze hawwe laat ta in syklus fan Goede Gesprekken, wêrtroch de ferantwurdlikheden en ôfstimming leech yn de organisaasje dellein wurde yn plak fan streekrjocht by de direkteur-bestjoerder.



In Japanske delegaasje wie ein augustus te gast by Provinsje Fryslân, se besochten ek Tresoar, de Afûk en de Fryske Akademy om wat mear mei te krijen oer de Fryske kultuer en de relaasjes mei Japan.




Yn oparbeidzjen mei Tresoar en it Frysk Film & Audio Archief hat de Fryske Akademy in rige fan 75 âlde 78-toereplaten mei Fryske dialektopnamen út 1927 digitalisearje litten. De opnammen binne fan grutte histoaryske en taalkundige wearde.

Wittenskiplike ûntjouwings

Yn 2022 is der in twadde programmakoördinator oanwiisd, dy't yn 'e mande mei de earste wurke hat oan it ûntwikkeljen fan in nije ûndersyksaginda foar 2023-2028. Hjirfoar hawwe se ferskate petearen en diskusjesjes holden mei meiwurkers en stakeholders. Yn neifolging fan de beslissing dy't hjir yn 2021 oer nommen is, waard de tradisjonele twadieling tusken taalkundich en histoarysk ûndersyk opheft foar in ynterdissiplinêre en better yntegrearre fyzje op de bestudearring fan de 'Fryske kasje'. De fjouwer tematyske kearngebieten dy't yn augustus 2021 formulearre binne hawwe yn de rin fan it proses úteinlik foarm krigen yn trije oerkoepeljende en foar in part oerlaapjende ûndersyksgebieten: 'Skiednis en erfgoed', 'Taal en meartaligens' en 'De minske en syn omjouwing'. It programma is fierder útwurke yn de foarm fan sân spesifike ûndersykstema's dy't him almeast op it snijflak tusken twa of mear fan de neamde ûndersykstema's befine, om sa de ynterdissiplinêriteit te befoarderjen en brêgen te slaan tusken it skiedkundige en it taalkundige ûndersyk. Yn it ramt fan de nije ûndersyksaginda waarden de bannen mei de ferskate wurkferbannen en wurkgroepen fan de Fryske Akademy op 'e nij oanhelle. Ek

waard der oansluting socht by de Nationale Wetenschapsagenda en mei de doelstellings fan it Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer.


Fierder is der alfêst tariedend wurk dien foar de folgjende fisitaasje, wêrby't it Strategy Evaluation Protocol (SEP 2021-2027) folge wurde sil.




Undersyk en output

Publikaasjes (oantallen)

Wittenskiplike bydragen



Profesjonele bydragen



Populêre bydragen



Lêzingen en kongressen



Kearnpublikaasjes

- **Stefan, Nika** / *Spoken Frisian. Language contact, variation and change*. Amsterdam: LOT Publications, 2022. 154 p.; proefskrift
- **Westra, Liuwe H.** / *Pionier foar it Frysk. Libben en striid fan Tony Feitsma (1928-2009)*. Afûk, 2022. 720 p.
- **Slofstra, Bouke; Hoekstra, E.** / *Sprachlehre des Saterfriesischen: Version 2022*. Fryske Akademy, 2022. 162 p.
- **Duijff, P.** / *Der dy namma fan heten is. It komôf fan plaknammen*. Bornmeer, 2022. 432 p. (Fryske Akademy).
- **de Langen, Gilles; Mol, Johannes** / *Friese edelen, hun kapitaal en boerderijen in de vijftiende en zestiende eeuw: De casus Rienck Hemmema te Hitzum*. Amsterdam : Amsterdam University Press, 2022. 256 p. (Fryske Akademy).
- **Baron, Minie; Dijkstra, Arjen; Pilat, Dirk-Jan** et al. / *Geschiedenis van de veehandel en veemarkten in Friesland*. Gorredijk: Uitgeverij Noordboek, 2022. 376 p. (Fryske Akademy).
- **Halink, Simon** / *"Almost Like Family. Or Were They?" Vikings, Frisian Identity, and the Nordification of the Past*. In: Humanities. 2022; Vol. 11, No. 5.
- **Kircher, Ruth** / *Intergenerational language transmission in Quebec: Patterns and predictors in the light of provincial language planning*. In: International Journal of Bilingual Education and Bilingualism. 2022; Vol. 25, No. 2. pp. 418-435.
- **Voeten, Cesko; Heeringa, W.J.; Van de Velde, H.** / *Normalization of nonlinearly time-dynamic vowels*. In: Journal of the Acoustical Society of America. 2022; Vol. 152, No. 5. pp. 2692-2710.
- **Bosma, Evelyn; Ayçiçek, Seda; Mikawa, Momo** et al. / *Structural priming and cross-linguistic influence in L2 comprehension of Dutch relative clauses and PP-attachments: Differences between German and English learners of Dutch*. In: International Journal of Bilingualism. 2022.
- **Robinson-Jones, Charlie** / *Tension in the linguistic landscape: the implications of language choices for diversity and inclusion in multilingual museums representing minorities*. In: International Journal of Multilingualism. 2022.



Promoasje-ûndersyk

Nika Stefan promovearre op moandei 24 oktober oan de Universiteit van Amsterdam, dat die se yn Frjentsjer yn de Martinitsjerke. Har proefskrift *Spoken Frisian: Language contact, variation and change* skreaun se ûnder begelieding fan promotor is prof. dr. Arjen P. Versloot (Universiteit van Amsterdam) en ko-promotor dr. Edwin L. Klinkenberg (Fryske Akademy).



Promoasje-ûndersyk dat rint

- Martijn Kingma – *Fariaasje en feroaring yn it Fryske fokaalsysteem.*
- Mark Raat: *De histoaryske langetermynûntwikkeling fan it Fryske Feangreidegebiet (ca. 1600-1970).*
- Dennis Worst – *Middeleeuws agraryske veenontginningen in Zuid-Friesland en de kop van Overijssel (1000-1400).*

Postdocs

- Fenna Bergsma – Syntaksis en morfology
- Evelyn Bosma – Meartalige geletterdheid
- Anne-France Pinget – Laboratoarium en eksperimenteel sosjolingwistysk ûndersyk
- Cesko Voeten – Laboratoarium-sosjolingwistyk

Skripsjepriis 2020-2022

De twajierlikse Skripsjepriis fan de Fryske Akademy oer de akademyske jierren 2020-2022 is takend oan (Marco) Martijn Kingma foar syn masterskripsje, *Phonetic Aspects of Centring Diphthongs in Frisian. The case of /iə/ and /iø/,* foltôge oan de oplieding European Linguistics oan de Rijksuniversiteit Groningen op 16 juny 2021. De priis is ornearre foar it bêste skripsje-




ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. De Skripsjepriis waard ynsteld by it fyftichjierrich jubileum fan de Fryske Akademy yn 1988, mei as doel om studinten dy't wittenskiplik ûnderwiis folgje oan te trunen om harren op Fryske tema's te rjochtsjen.

Rubicon foar Cesko Voeten

Taalwittenskipper dr. Cesko Voeten hat in prestisjeuze Rubicon-subsydje krigen fan de Nederlandse organisatie voor Wetenschappelijk Onderzoek (NWO). Mei Rubicon jout NWO Nederlânske wittenskippers dy't noch net sa lang lyn promovearre binne de kâns om ûndersyksûnderfining yn it bûtenlân op te dwaan.

Henry van de Velde Awards

De meartalige augmented reality game 'BabelAR', ûntwurpen troch in kollektif fan kennisynstituten út Fryslân, België, Baskelân en Ierlân, hat de earste priis wûn yn de kategory Digital Product fan de prestisjeuze Belgyske designpriis Henry van de Velde Awards. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen fan de Fryske Akademy, wie de koördinator fan VirtuLapp, it projektkollektif dat de game 'BabelAR' betocht en ûntwikkele hat. De game is foar bern fan 8-12 jier. Yn groepkes moatte se harren taal en taalkennis brûke om in lyts wêzen neamd Babel





helpe om de wei nei hûs te finen. Mei dit spul wurdt bern de wearde sjen litten fan taal/talen en wurdt haren talekennis aktivearre.

Eksploitaasjerekken

2022	realisaasje	begrutting	ôfwiking
Baten	3.827.742	3.827.036	706
Lêsten	3.700.437	3.815.967	-115.531
Resultaat	99.969	-10.211	110.180

Website en sosjale media

De Fryske Akademy hie dit jier



Akademy-leden

Op 'e Akademydei fan 16 septimber waarden fjouwer nije leden beneamd:

- Lida Dykstra foar har grutte fertsjinsten foar de Fryske kultuer.
- Immie Jonkman foar har grutte fertsjinsten foar de Fryske kultuer.
- Martsje Miedema-Loonstra foar har grutte fertsjinsten foar de Fryske kultuer
- Sake Roodbergen foar syn grutte fertsjinsten foar de Fryske kultuer.

Ein 2022 telde de Fryske Akademy 1160 stipers, dêrfan binne 235 ek Akademy-lid.



(flnr) Sake Roodbergen, Immie Jonkman, Lida Dykstra en Martsje Miedema-Loonstra.



(flnr) Jan Don, Wim Kleinhuis, Seerp Leistra, Anthonya Visser, Rixt Heegsma

Ried fan Tafersjoch

- Drs. Seerp Leistra (foarsitter)
- Prof. dr. Anthonya Visser
- Wim Kleinhuis
- Dr. Jan Don
- Drs. Rixt Heegsma (fan april ôf)

Direkteur-bestjoerder


Dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, FSA

Personiel 2022 yn tsjinst

 **46** 35,01 fte

01/01/22
41
30,63 fte


31/12/22



Frou
13,91 fte

Man
21,1 fte

Opbou neffens âldens en slachte



Gearstalling persoaniel (31/12)

Wittenskiplike stêf
18,79 fte

beskate tiid 11,3 fte



ûnbeskate tiid 7,49 fte



25

Stipeferliening wittenskip
10,3 fte

4,61 fte



5,7 fte



13

Stypjend behearspersoneel
5,91 fte

1,64 fte



4,27 fte



8

FRYSKE AKADEMY

Kolofon

Fryske Akademy 2023, Ljouwert

Opmaak: GPNo, De Jouwer

Fotografie: Fryske Akademy; Marieke Balk; Hindrik Sijens.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

provinsje fryslân
provincie fryslân 